

Dykgraven, tsjerkfâlden en P.C.-keatsers

Ingela, Bolta en Doniastate is neat mear fan oer. Swingmastate stiet noch al tsjin de yndustryhaven-dyk oan te sjen, no blyn foar de fierten. Eartiids de kant fan Harns út noch kilometers seedyk, no ferskûle achter Staatsen Beton yn in deade hoeke, dêr't de boerekemping by 't simmer de tsien besikers noch net hellet.

In pleats dy't de standemaatskippij noch sjoen hat, doe't dy miskien wol offisjeel mar noch net yn werlikheid ôfskaft wie. Hjiir oan de Haule, boppe Winaam, de dyk nei Harns, wennen boerefamyljes dy't yn it midden fan de 19^{de} ieu, foar de Grutte Agraryske Krisis yn de jierren '80, doarp en lân bestjoerden. Ien fan dy famyljes wiene de Hiddinga's, dy't buorken op de Tsjerkepleats en op Swingmastate.



Helje wy de bewenners wer yn it omtinken. Wa wie Piter Piters Hiddinga? Hy libbe fan 1843 oant 1906 en hat twa kear de P.C. yn Frjentsjer wûn (yn 1865 en 1871). As dykgraaf fan it wetterskip Fiif Dielen Seediken Bûtendyks soe er lange jierren meihelpe de see yn 'e stringen te hâlden. As tsjerkfâld yn Winaam, oan 1906 ta, hoede en noede er in dyk fan in leauwe. Ek syn soan Piter Hiddinga jr. – gjin keatser – soe dykgraaf en tsjerkfâld wurde.

In jongere broer, Jan Piters Hiddinga (1850-1927), hat as opslagger de P.C. trije kear achterinoar wûn (1870, 1871, 1872). Noch fier nei syn dagen hat er yn de keatswrâld spoaren efterlitten. De hjoed-

De bruorren Piter Piters (l) en Jan Piters Hiddinga (r). Hja fierden har grutste triomfen ein jierren sechtich begjin jierren santich fan de 19^{de} ieu. Piter Piters wûn de PC yn 1865 en 1871. Jan Piters wûn de PC trije kear efterinoar, 1870, 1871 en 1872, de leste kear mei syn broer Piter. Foto's Keatsmuseum.

deistige âld-keatser Tunno Schurer is fia syn oerpake B.J. Schurer, skoalmaster yn Winaam en trouw mei in dochter fan Jan Piters, oan him besibbe. En de lettere P.C.-foarsitter Minne Dijkstra wie famylje fan de frou fan Jan Piters, Trijntje Minnes Dijkstra.

Dan noch Jan Dirks Hiddinga (1849-1918), net buorkjend op Swingma, mar op de Tsjerkepleats. Dat wie in soan fan Dirk Sybrens Hiddinga en Jantje Abrahams Boonstra. Keatsargivaris Doeke Zylstra hat der al op wiisd dat Jan Dirks de measte keatsprizen

fan allegear wûn, ûnder mear ek twa kear de P.C. (1873, 1875 en de preemje yn 1869 en 1874). Yn wikseljende partoeren keatsten dizze Hiddinga's faak mei Rients Koopmans (1847-1929, de lettere P.C.-foarsitter; fan memmekant in Hiddinga) en mei de bruorren Piter en Dirk Ynzdes de Boer út Winaam. Koopmans hat trije kear de P.C. wûn: yn 1873, 1875 en 1876. Doe't er 75 jier waard, stie der yn de *Franeker Courant* in stikje: 'De heer Koopmans toch is uit vroeger dagen een der beste Friesche spelers. Zijn kracht was de opslag. In het oude dorp Wijncaldum



Swingmastate ûnder Winaam. Foto: Abe de Vries.

keeg hij zijn opleiding van den in die dagen zeer bekenden kaatser Dirk Ynzdes de Boer.'

It keatsen wie noch benammen in spul fan en foar boeren en boeresoannen, dy't goed genôch buorken om de wykeinen der op út te kinnen en har út te tjirgjen op de fjilden en feesten yn oare doarpen. It wie in fermeits foar de boere-adel, in wjerlûd út in foarbye tiid, doe't it keatsen noch meast troch de hegerein, de alderheechste eallju, beoefene waard op spesjale keatsbanen.

'Als de man niet bij machte is'

Spitigernôch koe Jan Dirks Hiddinga him better rêde

op it gers fan matadoaren as letter op de kluten fan it deistich wurk. It boerebestean yn Winaam rêde er net op. Yn 1891 besletten de tsjerkfâlden nei dreech, mar goed oerlis om it hierkontrakt mei Jan Dirks net te ferlingen, want hy hâlde de pleats net goed skjin. Jan Dirks siet noch mar fiif jier op de pleats, dêr't er yn 1886 syn heit as hierder opfolge wie. Nota bene syn sibbe Piter Piters wie doe foarsitter fan de tsjerkfâlden.

Yn de bûtenwenstich moai skreaune tsjerkeriedsnoutulen fan master Schurer is in ferslach fan de gearkomste bewarre bleaun, dêr't ik earder út publisearre ha yn *Wijnaldum. Fibula, Dwarsbongel, Keatsebâl* (Flevodruk, 1997):

Bruining [boer]: 'Zijn de kerkvoogden tevreden?' Koopmans [boer]: "Kerkvoogden hebben onderzoek gedaan en zullen wel zeker iets ervan kunnen vertellen."

Voorzitter: "Dat kerkvoogden in alles tevreden zijn, dit kunnen ze niet zeggen."

Bruining: 'Wat mankeert eraan?'

Voorzitter: 'Het kon veel beter dan het is.'

Bruining: 'Is de Kerkeplaats achteruit gegaan?'

Voorzitter: 'Althans, vooruit niet.'

Bruining: 'Dan zal het ten minste wel moeilijk zijn, op dezelfde condities de plaats weer te verhuren, want men dient toch zorg te dragen dat het pand niet achteruit gaat.'

Schaaf [timmerman]: 'De meeste leden dezer verga-

dering zijn landbouwers; ze zullen zeker wel het beste kunnen zeggen of men een huurder tot betere administratie kan noodzaken.'

Bruining: 'Een boer die zijn belang begrijpt, weet ook dat – gaat het pand achteruit – hij zelf mede achteruit gaat.' (..)

Schimmelpenning: 'Als de man niet bij machte is, de plaats te kunnen beadministreren, dient hij ook niet te blijven, dan moet hij eraf.'

Ferflokke pleats

As keatser hie Jan Dirks de wyn mei hân, as boer krige er him tsjin en dat hie miskien ek te krijen mei syn achtergrûn. Syn heit en mem trouden pas doe't syn âldere broer Sybren al twa jier wie. Jantje Abrahams Boonstra, wie fan in boerinnebestean wer ferfallen ta in libben as tsjinstfaam nei't har earste man, ek in boer, nei in houlik fan mar tsien jier kaam te ferstjerren. Jan Dirks syn heit wie in grutboer en in moai stik jonger, foar har in fangst.

Herke Piters Hiddinga (1859-1907) wie lykas Jan Piters in jongere broer fan Piter Piters. Hy en syn frou buorken fan 1888 ôf op de pleats Nijehûs, ek oan de Haule. It gie net sa't er it úttocht hie. Der kamen gjin bern en Herke kaam yn 1907 hommels te ferstjerren. En ynienen dûkt der út de dize fan it ferline sa'n tafallice oerienkomst op, dy't sinleas is mar lykwols yn it each rint: yn syn foarich wenplak Dronryp hie Herke syn earste frou yn 'e kream ferlern. Datselde sil de nije boer fan Nijehûs, de sosjalist Jelle Haitze Anema, yn

1909 meimeitsje moatte. Syn frou stoar twa moanne nei de berte fan syn soan Douwe. Anema hat model stien foar de skildering fan de 'reade boer' Arjen Anema yn de roman *Sathe Humalda* fan Reinder Brolsma, dy't as jong ferversfeint in kear syn pleats ferve hat.

It like wol as wie Nijehûs, âld stee fan midsieuske pommeranten en eartiids ferbûn mei de slûs Roptasyl, ferflok. De minsken wisten mar al te goed dat ek de foarige bewenners Klaas Cloppenburgh en Janke Koopmans gjin bern krigen hiene. Klaas, dy't fia syn frou Janke besibbe wie oan de Koopmans-famylje en oan de Hiddinga's, wierre it ek as boer net mei. Yn de tsjerke dêr't nota bene syn pake noch de earste dûmny út eigen doarp west hie, waarden syn banken yn 1888 op befel fan in rjochter ferkocht en op eigen fersyk wie der yn febrewaris in boereboelguod op syn pleats. Syn faillisemint sil as in fjurke troch de krite gongen wêze.


Sosjale stiger

Oarspronklik kamen de Hiddinga's – doe't se sa noch net hjitten – út Penjum, in oar ferneamd keatsdoarp yn de bouhoeke. Stamheit Sybren Hannes (1712-1793) wie earst smid yn 'e buorren, mar letter waard er bouboer op de Tsjerkepleats (doe noch Pastorypleats neamd) en administrearjend tsjerkfâld. Dy betûfte sosjale stiger wie blykber sa yn tel, dat er ek nog stienkeaper en dyksdeputearre wurde koe fan de Fiif Dielen Seediken. Hy troude yn 1740 mei Tryntje

Rients út Penjum. Syn namme stiet op in gevelstien yn de pleats, deselde dêr't syn oerpakesizzer Jan Dirks yn 1891 troch de tsjerkfâlden fan Winaam sa kâldberekkenjend fan ôfhelle wurde soe.

Want de tsjerke wie hoeden. Altyd wie der gefaar fan oankeapen troch keaplju of de adel fan grûn en pleatsen, of drige de komst fan oarsleauwige boeren. It guod Ropta State (oan de Hoarnestreek, noardlik fan de Haule) wie foar dizze Winamer boerewrâld bygelyks altyd wat in wûnder en miskien wol in foarbyld, mar hie ek wat fan in driging yn him. Fan 1688 oant 1728 hie it in bûten yn besit west fan Sikko fan Goslinga, soan fan de grytman fan Frjentsjerteradiel en letter nasjonaal steatsman. De Goslinga's wiene bûnsmaten en beskermers fan de herfoarme tsjerke yn Winaam. Sikko syn heit, grytman Johan fan Goslinga, wie dêr doopt.

Sa hearde it dus. Mar oan 'e ein fan de 18^{de} ieu gie Ropta oer yn doopsgesinde hannen. It sil de tsjerkfâlden min nei 't sin west hawwe. Yn 1788 waard de pleats pachte troch ien fan de grutste patriottyske roerkraaiers fan it doarp, Pieter Klases Leistra. Hy wie griffermeard fuselier by de Barradeel Heale Brigade, dêr't er yn 1796 majoor fan waard. De patriottebeweging yn Winaam wie ferbûn mei de Van Beyma-famylje út Sweins, dy't fia de Van Idsinga's ûnderskate pleatsen yn en om it doarp yn besit krigen hie.



Ek fan Jan Piters Hiddinga binne prizen bewarre bleaun. Dizze sulveren foarke en leppel binnen noch altiiden yn famyljebesit. Op de stalle stiet: Franeke kaatspartij 3 Aug: 1870 J.P.H.. Op de bak fan de leppel stiet: Gewonnen door J.P. Hiddinga. Foto: Theo Kuipers.

It foel net altyd ta om 'de belangen der kerk' goed te tsjinjen. Mar meidat begjin 19^{de} ieu de Hiddinga's op Swingmastate kamen, as opfolgers fan in boerehûshâlding dy't it net goed fine kinnen hie mei de Winamer tsjerke, sloegen de notabelen fan it doarp wer in boppeslach. (Boer Sybren Jobs hie in tal jierren âlderling west, mar wie dêrnei in skoft lang net mear yn tsjerke kommen. Foar straf waard op him de tsjerklike tucht tapast: hy mócht net mear yn tsjerke komme. Doe't er ca. 1800 ferstoar, krige Swingmastate oare eigners en dêr siet de tsjerke fan Winaam ek by.)

Gongmakers

Yn de jierren '80 fan de foarige ieu krige Doeke Zylstra kontakt mei P. Blanksma, in internist en broer fan Lieuwe Jan Blanksma, doe boer op Swingmastate en in ôfstammeling fan de Hiddinga's. Der wiene fan de keatsprizen fan Piter Piters Hiddinga noch twa keatsleppels en in keatsfoarke bewarre bleaun, sa die bliken. 'Deze lepel is met kaatsen gewonnen te Kiestertzijl den 17 Juli 1864 door P.P. Hiddinga.'

De Hiddinga's wiene op allerhanne fronten de gongmakers yn it doarp. Se behearsken net allinnich de tsjerke, mar ek it doarpslibben. Piter Piters wie net allinnich in grut keatser, hy wie yn de jierren 1860-1870 yn Fryslân ek in bekend hurdrider, dy't rûnom prizen wûn. Ien fan syn susters wie troude mei de kastlein. Dus skreau dy kastlein simmers wolris in keatswedstriid út en winters wolris in hurdriderij. It mist my dus net dat de Hiddinga's hawwe ek achter de oprjochting fan de Winamer iisferiening 'Ysmahorn' sitten. It krekte jier is yn 'e tiid weiwurden, mar it moat earne yn it midden fan de 19^{de} ieu west hawwe. Ek namen se, op 'e nij yn gearwurking mei de kastlein, it inisjatyf om op de rjochte dyk fan de Haule nei it doarp draafwedstriden foar de *finefleur* fan de boerestân út de omkriten te hâlden.

Tweintich, tritich jier letter, om 1900 hinne, seach de wrâld der al hiel oars út. De Agraryske Krisis hie in ein oan de boere-adel makke, al woe fansels net elk witte dat *the times they are a-changing*. De

earste keatsferienings, dy't sûnt likernôch 1880 yn Fryslân ferskynden, wiene likegoed it wurk fan middestân, ambachtslju en arbeiders as fan boeren. Yn it nije, 'demokratyske' keatsen fan de tiid soene âlde boerelagen as dat fan de Hiddinga's noait wer sa'n foaroansteand en allesbehearskjend plak feroverje. Al wurke it ferlies ek de oare kant op, want noait soene Winamers wer sa ûnhuerich húshâlde op de P.C. as Piter Piters, Jan Piters en Jan Durks dien hiene.

Abe de Vries

Boarnen

Notuleboeken NH tsjerke Winaam
Dokumintaasje Keatsmuseum Frjentsjer
Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen. *De fiifde woansdei. 150 jier PC (1853-2003)* (Van Wijnen, Franeker, 2003)
Abe de Vries, *Winaam. Fibula, Dwersbongel, Keatsebal* (Flevodruk, Harlingen 1997)
S. Laansma, *Geschiedenis van het geslacht Laansma* (Zuthpen, 1996)
Argyf Befolkingsregister Tresoar
Argyf *Leeuwarder Courant*